

SIPMA, P., Appels-gea  
of Appel-skea  
In: Fr. Pl.n. III p. 34 -  
37

sept. 1950

APPELS-GEA of APPEL+SKEA?

Der wurdt ongelyk oer tocht, oft it Appels-gea of Appel-skea, yn Nederlânske foarm Appelsga of Appel-scha is. Follen miene, dat de namme in gearstalling mei -gea, Aldfrysk -ga (doarp, krite) wêze moat en skriuwe him dêr neffens. Oaren twivelje dêr oan, mar witte dan, foar sa fier my bikend is, mei -skea, -ska gjin rie. It sil wol net "skea", Aldfrysk skatha wêze! De Appelskeasters sels en de ljuwe om Appelskea hinne sizze: Appelsche.

Wolle wy hjir mear fan witte, dan moatte wy, - lyk as by alle toponymisk ûndersiik, - de âldste foarmen neigean. Dêrby docht it bliken, dat dy âldste foarmen net wize op in gearstalling mei -ga, -gea. De útgong, - wy meije yn oerienstimming mei oare toponimen wol sizze: it twadde lid fan de gearstalling, - wurdt, as ik it goed sjoch, fen de earste oerlevering ôf oant yn de 19de ieu skreaun as -sche, yn de âldste my bikende boarne sels as -s. Wy sille dit bisjen.

De foarm Appels komt twa kear foar yn it Oorkondenboek van Groningen en Drenthe: I 69 (nûmer 109) en I 73 (nûmer 117). De earste kear yn in latynske oarkonde fan Maert 1247, dy't ek foarkomt yn Magnin: De Voormalige Kloosters in Drenthe, Heerenveen 1846, p. 32 (dêrre mei it jiertal 1246, lyk as de datearring fan it stik is). Der wurdt sprutsen fan twa huzen (videlicet domus Gelmari et domus Himonis) yn Appels: de tsienden fan dêrfan komme oan it kleaster to Runen. Magnin hie dit al earder formelde yn syn: Geschiedkundig Overzicht van de Besturen, die voor de Herstelling van Nederland in 1814 elkander in Drenthe zijn opgevolgd, Groningen 1839, dl II, 1, pag. 53 n.

De twadde kear hat it niisneamde Oorkondenboek de foarm Appels yn in charter fan 1251. Beide stikken (fan 1247 en 1251) binne út de selde boarne, t.w. it Cartularium fan Dikninge.

De foarm Appelsche komt ek foar yn Magnin, De Voormalige Kloosters in Drenthe. Dy moat ek sahwat út it midden fan de 13de ieu datearje. Op side 28 fan it oanhelle wurk stiet: het Klooster te Ruinen (heeft) ook in het laatstgemelde gewest (d.i. Friesland) enige bezittingen gehad, onder anderen een huis en enige landerijen te Appelsche, aan hetzelfde geschonken door de weduwe Eueze van Ostwalt (Oosterwolde?), welcher man, Nicolaas, in het Heilige Land was gestorven, en welcher dochter, Ide of Ida, als non in het Convent te Ruinen was opgenomen.

Yn de Nomina Geographica Neerlandica IV, fan F. Buitenrust Hetteema, fine wy op bls. 77 (mar net yn it Register): Appelsche, út it jier 1408; de boarne is der by opjown: Worp fan Thabor, Kroniek II 13; ek yn it Fr. Charterboek I 367. Dêrby, en dêrtsjinoer komme foar: Pepergae, Bennickegae, Walnregae (forskreaun foar Wolvegae), Oenegae: dit alle gearre dus plaknammen op -ga. Ik merk hjir by op, dat dit ûnderskie, d.i. -sche tsjinoer -ga, ek yn de folgjende boarnen oan to treffen is.

Yn Winsemius, Beschrijvinge van Vrieslandt, efter syn Chronique ofte Hist. Gesch. van Frieslandt, 1622, steane ~~ix~~ by Stellingwerf-Oosteinde (dit diel is net paginearre) de nammen Appelsche en Hooch Appelsche.

Yn Schotanus, Beschrijvinge van de Heerlychejdt van Friesland, 1664, stiet op de kaert fan East-Stellingwerf: Appelsché, mei in teken op de lêste e, en Hooch Appelsche, sonder dat teken. Tafal? Of kin it tsjutte op de útspraak? Foar dizze kaert kin rieplachte/wurde de forlytse útjefte fan Réalta yn 1940. Op de kaert fan Seven Wolden, yn it selde wurk, stiet ek Appelsche en Hooch Appelsche.

Yn de greate atlas fan Schotanus, Halma 1718, stiet op de kaert fan East-Stellingwerf ek Appelsche en Hooch Appelsche, mar op dizze ~~fan~~ en dy fan ~~1664~~ 1664: Sonnega, Peperga, Wolvega, Finkega.

Yn Oudheden en Gestichten van Vriesland II, fan it jier 1723, komt op bls. 328 foar Appelsche en Hooch Appelsche.

Yn De Tegenwoordige Staat van Friesland III, fan 1786, fine wy op de bls. 589 en 590 wer: Appelsche en Hooch Appelsche.

Lyk sa op de kaert fan Zevenwolden yn datselde diel, tusken de bls. 466 en 467. Wichtig is op dy kaert ek de oantsjutting Appelscher Molen, en yn de tekst, op bls. 583, itselde adjectyf: Appelscher Veenen.

Ik sei niis, dat de foarm Appelsche oant ~~ix~~ yn de 19de ieu foarkomt. Twa foarbylden dêrfan. Yn Van Breest Smallenburg, Algemeen Aardrijkskundig en Geschiedkundig Woordenboek van de Provincie Friesland, Sneek 1833, en yn De Haan Hetteema, Oud en Nieuw Friesland, Leeuwarden 1840, is dat ~~ix~~ it gefal. Folle biwiiskrêft leit hjir faeks net yn, om't beide skriuwers blykber gâns gebrûk meitsje fan de Oudheden en Gestichten en fan de Tegenwoordige Staat.

By Eekhoff, Handboekje voor Reizenden, bls. 107, en Beknopte Aardrijkskundige Beschrijving

van de Provincie Friesland, blss. 172 en 173, beide útjown yn 1840, en yn syn greate Gemeente-Atlas fan 1849-'59 fine wy Appelscha, mar yn it twad neamde boekje, op bls. 173, ien kear Appelsche, dat tafal wêze kin. Fierdersoan is it dan Appelscha of -ga. Mûlk ek wol ris earder; ik haw k lang net alles neigien, en der kin my hwat ontmurken wêze. Der sille wis mear finplakken fan de nammen to finen wêze, as dy 't ik oanfierd haw, en it soe my oanstean, as myn lêzers, dy't mûlk ek samle hawwe, har fynsten ris opjaen woene. Mar de oanhelle foarbylden binne, tinkt my, foldwaende om ta it ~~list~~ ~~list~~ bislút to kommen, dat wy yn de namme Appelskea net to dwaen hawwe mei in gearstalling op -gea. Ik hâld it dus mei de Appelskeasters en de Stellingwervers, dy't dy gearstalling, en yn foarban dêrmei de skriuwwize: ~~Appelska~~ Appelsgea, -gâ forsmite. Ik bin it net iens mei Johan Winkler, dy't yn Appelscha en Appelsche forbastering sjocht, ~~enkk~~ ek net mei W. de Vries, dy't ek oan in -ga-namme leaut.

36/

foar de dúdlikens jow ik fan hwat yn dit artikel bisprutsen is it folgjende oersjoch: /

	12..	14..	15..	16..	17..	18..		
1	Appels.....	1247					1	
2	Appels.....	1251					2	
3	Appelsche.....	13de					3	
4	Appelsche.....		1408				4	
5	Appelsche.....			1575			5	
6	Appelsche... ..				1622		6	
7	Appelsche.....				1644		7	
8	Appelsche.....					1718	8	
9	Appelsche					1723	9	
10	Appelsche					1786	10	
11	Appelscher adj.....					1786	11	
12	Appelsche .....						1833	12
13	Appelsche.....						1840	13
14	Appelsche.....						1840	14
15	Appelscha.....						1840	15
16	Appelscha.....						1849	16

1. Oorkondenboek van Groningen en Drenthe I.69; Magnin, Kloosters in Drenthe, p.32; Magnin, Geschiedkundig Overzicht II.1, p.53 n.
2. Oork. b. Gron. en Dr. I.73.
3. Magnin, Kl. in Dr. p.28.
4. Worp, Kron. II.13; Ch. I.367; N.G.N. IV.77.
5. Sibr. Leo, Abtenlevens der Friesche Kloosters Mariëngaard en Lidlum, ed. D.A. Wumkes, p.43.
6. Winsemius, Beschr. van Vrieslandt, 1622.
7. Schotanus, Beschr. 1664.
8. Schot., 1718
9. Oudheden en Gestichten van Vrieslandt II, 328
10. Regenw. St. v. Fr. III 589, 590
11. id. 583.
12. Van Br. Sm., Algem. Aardr. en Geschiedk. wdb. v. Fr.
13. De H. Hett., Oud en Nieuw Fr.
14. Eekh., Bekn. Aardr. Beschr. v. Fr., p.173
15. Eekh., Handb. v. Reizenden, p.107
16. Eekh., Gem. Atl. v. Fr.

As de namme-ôflieding Appels-gea net doocht, lyk as út it foargeande folget, dan moatte wy war dwaen om in oaren, en in goeden-ien, to finen. By Fryske plaknammen kinne wy dan, sa goed as ik it sjoch, net torjochte. Dus ûndersiikje wy net-Fryske, dat wy dochs al faek dwaen moatte. Ik mien in equivalint foun to hawwen yn it Ingelske toponym Appleshaw, dat, mei in stikmannich oare, alle gearre mei appel as earste diel, foarkomt yn Ekwall: The Concise Oxford Dictionary of English Place-Names, Oxford 1936. By dy namme dêrr stiet it wurd "self-explanatory", d.i. in namme, "dy't him sels forklearet". Yndied binne de beide dielen fan de gearstalling dúdlik: it earste is apple (=appel), it twadde shaw, dat "bosk, boskje" bitsjut. In "appelbosk" dus. De "appels" sille yn ús gefal wol "dinne-" of "spar-appels" wêze: dy waerden (en wurde) wol socht foar brânje. De namme Appelsche soe dan to forgelykjen wêze mei de Appelska

/p37. bergen yn Grinslân; (sjoch: De Vries, Gron. Plaatsnamen, Gron. 1946, p. 3). Dit/liket ek sa oannimlik wol as Appels-gea: it gea fan de Appels (?), al stim ik ta, dat dit net folle seit.

Mei it boppesteande bidoel ik fansels allinne ly<sup>1</sup>stelling fan Frysk Appelskea en Ingelsk Appleshaw en net oernimming út it Ingelsk yn it Frysk. It wurd, dat yn Ingelske foarm shaw is, kin ek yn oare Germaenske talen en yn it Frysk bistean, of bistean hawwe. Om dat nei to gean rieplachtsje wy Skeat: A Concise Etymological Dictionary of the English Language, Oxford 1911. Wy fine dêryn op it wurd shaw ("thicket") de foarmen: Angelsaksysk scaga, Iislânsk skogr ("a shaw, wood"), Sweedsk skog, Deensk skov, Noardfrysk skog. Ik foegje der de Angelsaksyske foarm sceaga ("copse" noch by. Sa yn Clark Hall, en yn Mawer, Chief Elements: sceaga "small wood, copse, thicket; shaw". En dit mei inoar is yn earsten foar myn doel genôch. It is, woe ik hawwe, in oannimlike foarklearring fan it toponym, dat dus yn Fryske foarm Appelskea, en yn net-Fryske Appelscha skreaun heart to wurden. Of it moast Appelsche wêze, lyk as by âlds skreaun waard, en hjoed-de-dei noch fan de biwenners sein wurdt.

Neiskrift. Is Apelsche yn Sybrandus Leo's Abtenlevens der Friesche Kloosters Mariëngaard en Lidlum, biwurke fan D.A. Wumkes, Bolsward 1929, bls. 43 yndied, lyk as de biwurker seit, it Grinzer Ter Apel? It selde yn de Taljochting by de Fryske Kleasterkaert fan Pater Bruna. Soe it net Appelskea wêze? De Vries, Gron. Pln. hat de foarm fan Sybrandus Leo net. Dy foarm hat my der ta brocht, de namme yn myn oersjoch op to nimmen.

septimber 1950.

P. Sipma.